



Oan:

Deputearre Steaten fan Fryslân
Twibaksmerk 52
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

Drachten/Itens, 4 okt. 2019

Ûnderwerp: fêststellen kearndoelen Frysk

Achte leden fan Deputearre Steaten,

Mei yngong fan 01-08-2014 is op oanstean fan de *kommisje-Hoekstra* in stap set om foech oer de Fryske taal nei de provinsje Fryslân te desintralisearjen. Op grûn fan de WPO kêst 9.6 en de WVO kêst 11e.2 binne Provinsjale Steaten tenei belutsen by it fêststellen fan de kearndoelen Frysk. As betingst foar it fêststelle kinnen fan (nije) kearndoelen moatte Deputearre Steaten oerlis hân hawwe mei it Fryske primêr en fuortset ûnderwiis. Dêrby moatte Deputearre Steaten op grûn fan WPO kêst 9.7 en WVO kêst 11e.3 oantoane kinne, dat der foldwaande draachflak bestiet foar de oan de minister foarleine kearndoelen Frysk en boppedat meie dy kearndoelen net mear ynspannings fan de skoallen fergje as wat foar ûnderwiis yn it Frysk ‘te rjochtfeardigjen’ is.

Dat achtsje wy in tige nuodlike omskriuwing, omdat ûnderwiis yn it Frysk in *algemien belang* is fan de hiele Fryske mienskip en sa *fersmelle* wurdt ta in eigenmachtich *skoalbelang*. In *beheining* dêr’t earder de *Rie fan Steat* en it *Konsultatyf Orgaan Frysk* al tsjin protestearre hawwe. De reden is dat sa’n omskriuwing absolút net past by de skieding fan machten, dus tusken de ferantwurdlikheid fan de *wetjouwer* en fan de *útfierende* ynstânsje(s). Oerlis oer de útfiering is út soarte wat oars as de Fryske befolking it rjocht op (goed) ûnderwiis yn it Frysk te ûntsizzen troch in *tekoart oan draachflak* yn de skoallen. De tryste gefolgen fan dy wetlike regeling binne werjûn yn it *Rapport Taalplan Frysk 2018* (*‘It is mei sizzen net te dwaan’*). De ûndersikers konkludearje yn harren ynventarisasaasje fan de stân fan saken oangeande it (fak) Frysk yn primêr en fuortset ûnderwiis dan ek dat skoallen ‘frijbliuwend’ omgeane mei it Frysk yn harren kurrikulum (s. 236).

Yn 2017 hat de *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) yn in brief fan 19 novimber frege hoe’t it mei de ûntwikkeling fan *nije* kearndoelen Frysk stiet en mei it yntegrearjen dêrfan yn it bedoelde fernijde ûnderwiis. Yn it lanlike fernijingsprojekt (Curriculum.nu) is gjin omtinken foar it Frysk. Yn it antwurdbrief fan 05-12-2017 wurdt meidield, dat der in kertiermakker socht is en dat de útkomsten fan it *Rapport Taalplan Frysk* goed brûkt wurde kinne by in fernijing fan de kearndoelen. Op 1 april 2019 is lykwols sûnder in neiere taljochting de webside kurrikulum.frl fan de projektgroep op ‘swart’ gien. Telefoanyske ynformaasje learde ús dat de projektgroep net op ’e tiid klear kommen wie en dat mear jild der net yn siet fanwegen de Europeeske oanbestegingsregels. It lanlik fernijingsprojekt gie ûnderwilens wol gewoan troch, mar no sûnder it Frysk. Wat in Fryske boppeslach foar it ûnderwiis yn it Frysk wêze moatten hie, is no in folsleine mislearring wurden.

As *FFU* hawwe wy twa kear mei fertsjintwurdigers fan de projektgroep kontakt hân en oanjûn wat ús winsken binne om de Fryske mienskip foldwaande takomst te jaan yn har eigen taal:

1. Kearndoelen binne (foar alle fakken) doelen dy’t de skoalle *op syn minst* oanbiede kinne moat. Dêrnei wurdt yn de *útfiering* besocht om *alle* bern ‘sa fier mooglik komme’ komme te litten. De ûndersikers jouwe

dat yn it *Rapport Taalplan Frysk* mei it each op de grutte taalferskillen by de bern dan ek oan op side 236. De troch de provinsje fêststelde *Beleidsregel 2015* hat de kultuer-pedagogyske needsaak dêrta frustrearre. It differinsjaasjefraachstik hoecht en heart net op it meso-nivo fan de skoalle oplost te wurden (it kiezen fan ‘profilen’), mar kin en moat, lykas foar oare fakken, op it mikro-nivo yn de klasesituasje (yndividueel en yn de groep) syn gerak krije. Benammen Frysktalige bern krije troch de oanbeane profilestruktuer sadwaande gjin kâns om harren de lê- en skriuweardigens yn it Frysk eigen te meitsjen. Dat is in foarm fan diskriminaasje, want se hawwe dêr neffens ús gewoan *rjocht* op.

2. Yn WPO kêst 9.8 en WVO kêst 11e.4 is in *ûndergrins* oanjûn foar de keardoelen Frysk. Dat makket it wurk fan de projektgroep al in stik makliker.

3. Yn de *BFTK 2019-2023* is oanjûn dat yn 2030 fan de skoallen yn it Frysk taalgebiet ferwachte wurdt dat se gjin ûntheffing foar it fak Frysk nedich hawwe (side 13). De needsaaklike *tuskendoelen*, dêr’t ek de *Ried fan de Fryske Beweging* op wiisd hat yn syn petysje (desimber 2018) oan de Fêste Keamerkommisje fan Ynlânske Saken fan de Twadde Keamer, wurde net neamd en sa bliuwt it folslein ûndúdlik hoe’t de skoallen de *ferkearde* profilestruktuer efter har litte kinne. Ferkeard, omdat de fyzje fan bestjoer en persoanen op it stik fan de posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis gauris liedend wie (sjoch it *Rapport Taalplan Frysk*, side 237) en net de mooglikheden fan de bern mei in ferskillende taaleftergrûn. It jaan fan ûntheffing wie ynearsten bedoeld foar in lyts tal bern (as in *ûtsûndering* foar bern fan flechtlingen), mar de foarm fan oanbeane profilestruktuer makket no lykwols dat it jaan fan ûntheffing *regel* wurdt. De taak fan de ûnderwiisynspeksje wurdt dêryn ek mar hiel weromhâldend beskreaun.

As *FFU* binne wy sa slim teloarsteld troch de stilstân by de projektgroep keardoelen Frysk en it ferfallen fan de mooglikheid om it Frysk in mear yntegrearre plak yn it *hiele* Fryske ûnderwiis te jaan. Wy meitsje ús der grutte soargen oer dat it Frysk yn it ûnderwiis yn it neigean rekket troch it ûntbrekken fan *effektive* maatregels. Dêrom soenen wy graach antwurd hawwe op in tal fragen oer it ûnderwiis yn it Frysk:

1. Hokfoar tûkelteammen hawwe derfoar soarge dat de projektgroep mei in relatyf *ienfâldige* opdracht yn tiidneed kommen is?

2. Binne Deputearre Steaten it mei ús ien dat it Frysk in *lykweardich* plak yn it meartalige Fryske ûnderwiis fertsjinnet?

3. Sa ja, moatte de keardoelen Frysk dan ek net *spegele* wêze oan dy foar ‘Nederlânske taal’?

4. Binne Deputearre Steaten mei ús fan betinken dat de kâsten WPO 9.7 en WVO 11e.3 foar de posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis *diskriminearjend* binne en dêrom sa gau mooglik oanpast wurde moatte?

5. Wêrom is mei it each op de taalheterogeniteit fan de skoalbefolking net keazen foar de *normale* mikro-differinsjaasje, mar is yn de *Beliedsregel 2015* keazen foar meso-differinsjaasje mei as gefolch dat skoallen de (ûntwikkelings)mooglikheden fan de bern net sintraal stelle?

It *FFU*-bestjoer is ree om – as dat nedich is – mear ynformaasje te jaan en oerlis te hawwen.

Mei rju achtginge,

drs. Th. Dykstra, *foarsitter FFU*

drs. S.T. Hiemstra, *skriuwer FFU*